

Steatefraksje FNP
De hear S. Posthumus

Ljouwert, 12 desimber 2017

Ferstjoerd, **15 DEC. 2017**

Ús merkteken : 01472331
Ôfd/Opjefte : Finânsjes en personielsaken
Opsteld troch : R. Zijlstra / (058) 292 50 72 of roland.zijlstra@fryslan.frl
Jo merkteken :
Taheakke(n) :

Ûnderwerp : beântwurdig skriftlike fragen oer BTW ferheging tariven drinkwetter Vitens

Achte hear Posthumus,

Jo skriftlike fragen op grûn fan kêst 41 fan it Reglemint fan Oarder, ynkommen op 19 novimber 2017, beântwurdzje wy as neikomt.

Ynljedende taljochting:

It nije kabinet is fan doel it BTW taryf foar earste libbensferlet (levensbehoefte) fan 6% nei 9% te ferheegjen.

Drinkwetter falt ûnder it earste libbensferlet. Yn Fryslân is Wetterbedriuw Vitens de haadrolspiler yn de drinkwetterfoarsjenning yn Fryslân.

De provinsje Fryslân is oandielhâlder fan it Wetterbedriuw Vitens.

Foar de ynwenners fan Fryslân sil dit in ferheging yn de kosten fan drinkwetter betsjutte.

Fraach 1:

Is it kolleezje op 'e hichte fan de mooglike belestingferheging fan it nije kabinet op drinkwetter fan 6% nei 9% ?

Antwurd fraach 1:

Ja.

Fraach 2:

Is it kolleezje mei ús iens dat drinkwetter in earste libbensferlet is?

Antwurd fraach 2:

Ja.

Fraach 3:

Is it kolleezje mei ús iens dat drinkwetter dêrom net swierder belêst wurde moatte soe?

Antwurd fraach 3:

Wy binne fan betinken dat it in basisfoarsjenning is en sa goedkeap mooglik beskikber wêze moat. De beslútfoarming dêroer bart lykwols yn de Earste en Twadde Keamer.

Fraach 4:

Is it kolleezje ree om har tsjin dizze belesting ferheging te fersetten?

Antwurd fraach 4:

Vitens hat yn de Algemiene Gearkomste fan Oandielhâlders (AvA) op 30 novimber II. oanjûn dat se harren maksimaal ynsette sille om de belestingferheging op drinkwetter fan tafel te krijen. As oandielhâlder stypje wy dat inisjatyf fan herte.

Fraach 5:

Is it kolleezje ree, as it kabinet trochset mei de BTW-ferheging, om sa nedich de Fryske boarger fia Vitens te kompensearjen? Binne jimme it mei ús iens dat it eigen fermogen fan Vitens fan € 526 miljoen dêrta brûkt wurde kin?

Antwurd fraach 5:

As provinsje Fryslân binne wy mei in oandielepersintaazje fan 13,5% ien fan de oandielhâlders fan Vitens. De drinkwettertariven wurde yn de AvA fêststeld en jilde foar alle klanten fan Vitens, dus ek foar de klanten yn oare provinsjes. Foar de Fryske boarger allinne kinne wy de BTW-ferheging net fia Vitens kompensearje litte. By Vitens wurdt maksimaal ynset op it ferleegjen fan de kosten en op it oan de klant weromjaan fan mooglike oerwinsten. As oandielhâlders binne wy dêr wach op. Op grûn fan kosteferlegingen by Vitens en op grûn fan in legere regulearre fermogenskostefoet (WACC) is yn de AvA fan 30 novimber 2017 besletten ta in ferleging fan de drinkwettertariven foar 2018 fan 10% foar de standert klant.

Mei rju achtinge,

Deputearre Steaten fan Fryslân,

drs. A.A.M. Brok, foarsitter

R.E. Bouius - Riemersma, MBA MCM, sikretaris